

Achte kritebestjoerders.

Op it lêste kaderwykein hawwe we ek in deidiel sprutsen oer it toaniel en hoe't it dêr no fierder mei moat.

Jimme hawwe allegearre fia de skriuwer fan it Boun in ferslach dêrfan, opmakke troch Afke Bergstra, krige oer wat er dy freedtejûn besprutsen is.

Om't de toanieljûnen foar ús krite hiel belangryk binne sille wy dêr dus ek noch ris wat oan dwaan moatte.

Myn fersyk oan jimme is om yn jimme kriteblêd in oprop te setten en dêryn te freegjen om minsken die, op hokker wize dan ek, wol wat foar it toaniel fiele en ek dwaan wolle. Dat giet dan om (m/f) spilers, regisseurs, ynstekkers, toanielbouwers of hoe en wat dan ek.

Om't eltse krite sels gjin toanielploech mear behappe kin sille wy besjen moatte oft der wat te dwaan is op it mêd fan in regio-, diel- of sels provinsjegrinzen oerstiigjend toaniel of hoe dan ek mar.

As wy wat ynsjoch hawwe hoefolle en hokker minsken har op de oproppen melde kinne we it ien en oar besjen. Dan ek kinne we besjen hokker kursussen der komme moatte en wêr't dy dan hâlden wurde moatte.

Wy riede jimme oan om dat sykjen nei minsken net te beheinen ta de kriteblêden, mar ek omtinken te freegjen yn de lokale/regionale parse. Dat kin troch in redaksjoneel artikeltsje, wat jo as 'nijs' ynstjoere, in fraachpetear mei in redakteur of troch in lytse, mar dúdlik Fryske advertinsje te pleatsen. Dat lêste kostet fansels jild. It Boun is ree en draach yn dy kosten by. Om't it Boun wol wat, mar no ek wer net in protte jild hat, is yn 't foar al it akkoart fan ús ponghâlder, Sjoerd Bakker, nedich.

Graach hear ik fan jimme hoe't ien en oar ferrint.

Foar mooglike fragen kinnen jimme my skilje of maile.

Ut namme fan it bounsbestjoer,

Douwe Fierstra.